

BESTOCH
IT MAR!

Besjoch it mar!



Fan slow-teaching nei digital storytelling

Bêste learkrêft,

*Mei **Besjoch it mar!** kinne jo de tiid even in slachje stadiger draaie litte. De tiid nimme om mei elkoar in foto út de Fryske omjouwing te besjen, de tiid nimme om echt nei elkoar te harkjen en om mei elkoar yn petear te gean. De tiid nimme en tagelyk oan saken as boargerskip, 'digitale geletterdheid' en de Fryske taal en kultuer te wurkjen. Op in moderne manier it ûnderwiis stâl jaan troch bern sels ûntdekke te litten, harren kreativiteit te stimulearjen en foaral wille te hawwen. Leare troch te dwaan en te eksperimentearjen en sa digitaal, sosjaal en Fryske taal feardiger te wurden. De les begjint mei in digitale ferhalefoto dy't de bern ien minút yn stilte besjogge. Dit is net sa mar in foto: it is in foto dy't op ferskillende manieren besjoen en ynterpretearre wurde kin. Mei elkoar ûndersykje de bern yn groepkes fan trije de foto. Dêrnei stappe se yn de foto en fertelle se mei help fan de ferbyldingsfragen har ferhaal oan elkoar en fia in floch oan de groep.*

*By **Besjoch it mar!** is der ekstra oandacht foar it sjen en harkjen, mar ek it praten en miskien it skriuwen komme oan bod.*

*In ynspirearjende groet,
Gerrit, Jolanda en Janke*

Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin. In spesjaal wurd fan tank giet út nei Hans Menninga foar it meitsjen en bewurkjen fan de foto's, nei de learkrêften dy't Besjoch it mar! mei har groep útprebearre hawwe en nei de Provinsje Fryslân foar de finansjele stipe.

Idee, tekst en ûntwerp: Gerrit Hoekstra, Jolanda Verhoef en Janke Singelsma

Fotografy: Hans Menninga

Earste printinge 2022

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl




Ynhâld

- 1. Eftergrûn Besjoch it mar!**
- 2. Fryske sporten**
- 3. Oanfiterfragen Fryske sporten**
- 4. Fryske symboalen**
- 5. Oanfiterfragen Fryske symboalen**
- 6. Feesten**
- 7. Oanfiterfragen Feesten**
- 8. It doarp en de stêd**
- 9. Oanfiterfragen It doarp en de stêd**

1. Eftergrûn



BESTOCH
IT MAR!



DOEL

De bern leare mei help fan keunstsinnige tinkfragen kritysk in ynspirearjende foto (in byld út de Fryske omjouwing dat op ferskate manieren besjoen en ynterpretearre wurde kin) kritysk te ûndersykjen om dêrmei in digitaal ferhaal, in flog, te meitsjen. De bern wurde hjirby stimulearre de Fryske taal te brûken. Alle Fryske kearndoelen komme oan bod mar de klam leit op sjen en harkjen.

KAAPRINSIPES



1. Digitale Ferhalenfoto Starter

In foto (ferbûn mei de Fryske taal en kultuer) dy't op ferskate manieren te ynterpretearjen is.

2. Ferbyldingsfragen

In didaktyk om it empatysk tinken te stimulearjen troch in persoan, bist of ding fan de foto te kiezen en fan dêrút in ferhaal te fertellen.

3. Meartalige dialoach

It mei-inoar tinken, ûndersykjen en praten, wêrby't de thústaal ynset wurdt om Frysk te learen.

4. Floch (digital storytelling)

In digitale presintaasje, dy't opnaam wurdt mei in iPad of tillefoan, wêrby't mei fideobyld in ferhaal ferteld wurdt yn de ik-foarm.

5. Sjenreskaaimerken

De bern ûndersykje elkoars flochs en stelle sjenreskaaimerken op foar in floch.

STRUKTUER AKTIVITEIT



1. Ferwûnderje: Digitale ferhalefoto ien minút yn stilte besjen.



2. Undersykje: De digitale ferhalefoto ûndersykje mei de ferbyldingsfragen.



3. Meitsje: In floch meitsje oan'e hân fan de ferhalefoto en de ferbyldingsfragen



4. Bewûnderje: De digital story's (flochs) fan elkoar besjen.



5. Beprate: De eigen (en mooglik oare) flochs ûndersykje op skaaimerken.

1. Fryske sporten



TARIEDING

- Kopiearje foar elk groepke de digitale ferhalefoto
- Lis de selfysticks en knipers klear om de foto oan de stick fêst te meitsjen.
- Lis papierkes klear foar tips en tops
- Meitsje groepkes fan trije bern

FERTEL DE BERN DAT

- se in floch meitsjen gean en se as flogger oanwêzich binne op it plak fan de foto.
- har folgers ferlach dogge oer wat der bart op dit plak fan de foto



1. FERWÛNDERJE

Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.



2. ÛNDERSYKJE

- Lit de bern in persoan, objekt of elemint út de foto kieze
- Lit de bern fanút dat perspektyf fertelle mei help fan de folgjende ferbyldingsfragen (dy't ek ûnder de foto stean):
 - a. Wa bist?
 - b. Wêr bist?
 - c. Wat sjochst?
 - d. Wat tinkst?
 - e. Wat hearst?
 - f. Wat fielt?
- Tip: Wolle se noch in oar persoan, objekt of elemint kieze? Eksperimintearje dermei.
- Lit elk syn/har persoan, objekt of elemint kieze foar de floch.



3. IN FLOCH MEITSJE

Lit de groepkes no harren ferhalen fanút it keazen perspektyf fertelle foar de kamera. Elk fan it groepke komt hjirby oan it wurd.

Tip: Is it Frysk praten dreech? Lit de bern elkoar helpe mei de útspraak en it fertalen. Lit de bern bygelyks fertelle yn de thústaal en fertaal inkelde wurden nei it Frysk.



4. BEWÛNDERJE

Lit de groepkes oan elkoar de flochs presintearje. Lit de groepkes tips en tops opskriuwe. Lit de groepkes ek ferbetterpunten foar har sels betinke.



5. BEPRATE

Diel klassikaal de befiningen út de bewûnderfase. Skriu de skaaimerken foar in floch op sadat se brûkt wurde kinne foar in folgjende floch.

BESTOCH
IT MAR!



Komt in groepke net op gong?
Brûk dan de oanfiterfragen.

FRYSKE SPORTEN

- Wat soe dy keatser roppe tsjin de fierljepper?
- Wat ropt dy fierljepper werom?
- Op in skûtsje sitte bemanningsleden fansels:
Wêr soenen twa fan harren it tsjin elkoar oer ha
 - a. as sy dy haai foarby swimmen sjogge (it liket bêst in hiele grutten-ien!)?
 - b. as sy dy fierljepper oankommen sjogge (wêr komt dy del?)?
 - c. as sy dy keatser sjogge (wat fine jim trouwens fan dy keatser syn linkerhân?)?
- Linksûnder op de foto sit ien yn in kano. Tink jim yn:
dy kanofarder bellet mei ien (betink foar beide persoanen mar in namme!). Wat soe dy kanofarder dan oan dy oare persoan (man, frou, bern, freon?) fertelle?
En wat seit dy oare dan werom? (Leaut dy wat de kanofarder seit? Fynt dy de situaasje mar link, gefaarlik? Kinst dat fernimme oan har/syn antwurden? Hoe dan?)

By de foarige fjouwer fragen moatte jimme de omjouwing net ferjitte:

- de kleur, is dy net nuver?
- dy sinne? Is dat wol in sinne, trouwens?
- Fryske sporten yn de bergen?
- Dy reek rjochtsachter (brân, eksploasje, bommen, oarloch?)

Komt de groep net op gong by it opstellen fan de skaaimerken fan in floch? Brûk dan ûndersteande tips.



FLOCH TIPS

- 1.Fertelle: yn de ik-foarm en yn it Frysk
- 2.Ynlieding: foarstelle en lokaasje neame
- 3.Kearn: persoanlik (tink, fiel, sjoch, hear, ...)
- 4.Ofsluting: dúdlike en flitsende ôfrûning
- 5.Tiid: net langer as ien minút
- 6.Taalgebrûk: Frysk (prebearje yn elk gefal)
- 7.Tempo: net te hurd en net te stadich
- 8.Yntonaasje: boeiend fertelle
- 9.Folume: net te sûntsjes, mar ek net te lûd
- 10.Byld: noflik en rêstich

2. Fryske symboalen

BESTOCH
IT MAR!



TARIEDING

- Kopiearje foar elk groepke de digitale ferhalefoto
- Lis de selfysticks en knipers klear om de foto oan de stick fêst te meitsjen.
- Lis papierkes klear foar tips en tops
- Meitsje groepkes fan trije bern

FERTEL DE BERN DAT

- se in floch meitsjen gean en se as flogger oanwêzich binne op it plak fan de foto.
- har folgers ferlach dogge oer wat der bart op dit plak fan de foto



1. FERWÛNDERJE

Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.



2. ÛNDERSYKJE

- Lit de bern in persoan, objekt of elemint út de foto kieze
- Lit de bern fanút dat perspektyf fertelle mei help fan de folgjende ferbyldingsfragen (dy't ek ûnder de foto stean):
 - a. Wa bist?
 - b. Wêr bist?
 - c. Wat sjochst?
 - d. Wat tinkst?
 - e. Wat hearst?
 - f. Wat fielt?
- Tip: Wolle se noch in oar persoan, objekt of elemint kieze? Eksperimintearje dermei.
- Lit elk syn/har persoan, objekt of elemint kieze foar de floch.



3. IN FLOCH MEITSJE

Lit de groepkes no harren ferhalen fanút it keazen perspektyf fertelle foar de kamera. Elk fan it groepke komt hjirby oan it wurd.

Tip: Is it Frysk praten dreech? Lit de bern elkoar helpe mei de útspraak en it fertalen. Lit de bern bygelyks fertelle yn de thústaal en fertaal inkelde wurden nei it Frysk.



4. BEWÛNDERJE

Lit de groepkes oan elkoar de flochs presintearje. Lit de groepkes tips en tops opskriuwe. Lit de groepkes ek ferbetterpunten foar har sels betinke.



5. BEPRATE

Diel klassikaal de befiningen út de bewûnderfase. Skriuw de skaaimerken foar in floch op sadat se brûkt wurde kinne foar in folgjende floch.

**BESTOCH
IT MAR!**



Komt in groepke net op gong?
Brûk dan de oanfiterfragen.

OANFITERFRAGEN BY LEKKER ITE

- Wat soe hjir barre tinkst?
- Soene it famke en de lytse pjut famylje wêze?
- Hoesa soe it famke de aaien foar har eagen dwaan?
- Wat soe se lekker fine? En wat soe de pjut lekker fine?
- Wat docht it lytse pykje?
- Wat soe de griene kameleon wolle? En dy oare?
- Prate se mei elkoar? Of tsjin in oar? Wêroer dan?
- Stiet der wat lekkers foar harren op de tafel?
- Wat dan, tinkst?
- Wat soe it gaust fan tafel ferdwine?
- Wa soe dat opite?



Komt de groep net op gong by it opstellen fan de skaaimerken fan in floch? Brûk dan ûndersteande tips.

FLOCH TIPS

1. Fertelle: yn de ik-foarm en yn it Frysk
2. Ynliding: foarstelle en lokaasje neame
3. Kearn: persoanlik (tink, fiel, sjoch, hear, ...)
4. Ofsluting: dúdlike en flitsende ôfrûning
5. Tiid: net langer as ien minút
6. Taalgebrûk: Frysk (prebearje yn elk gefal)
7. Tempo: net te hurd en net te stadich
8. Yntonaasje: boeiend fertelle
9. Folume: net te sûntsjes, mar ek net te lûd
10. Byld: noflik en rêstich

3. Feesten

BESTOCH
IT MAR!



TARIEDING

- Kopiearje foar elk groepke de digitale ferhalefoto
- Lis de selfysticks en knipers klear om de foto oan de stick fêst te meitsjen.
- Lis papierkes klear foar tips en tops
- Meitsje groepkes fan trije bern

FERTEL DE BERN DAT

- se in floch meitsjen gean en se as flogger oanwêzich binne op it plak fan de foto.
- har folgers ferslach dogge oer wat der bart op dit plak fan de foto



1. FERWÛNDERJE

Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.



2. ÛNDERSYKJE

- Lit de bern in persoan, objekt of elemint út de foto kieze
- Lit de bern fanút dat perspektyf fertelle mei help fan de folgjende ferbyldingsfragen (dy't ek ûnder de foto stean):
 - a. Wa bist?
 - b. Wêr bist?
 - c. Wat sjochst?
 - d. Wat tinkst?
 - e. Wat hearst?
 - f. Wat fielt?
- Tip: Wolle se noch in oar persoan, objekt of elemint kieze? Eksperimintearje dermei.
- Lit elk syn/har persoan, objekt of elemint kieze foar de floch.



3. IN FLOCH MEITSJE

Lit de groepkes no harren ferhalen fanút it keazen perspektyf fertelle foar de kamera. Elk fan it groepke komt hjirby oan it wurd.

Tip: Is it Frysk praten dreech? Lit de bern elkoar helpe mei de útspraak en it fertalen. Lit de bern bygelyks fertelle yn de thústaal en fertaal inkelde wurden nei it Frysk.



4. BEWÛNDERJE

Lit de groepkes oan elkoar de flochs presintearje. Lit de groepkes tips en tops opskriuwe. Lit de groepkes ek ferbetterpunten foar har sels betinke.



5. BEPRATE

Diel klassikaal de befiningen út de bewûnderfase. Skriuw de skaaimerken foar in floch op sadat se brûkt wurde kinne foar in folgjende floch.

**BESTOCH
IT MAR!**



Komt in groepke net op gong?
Brûk dan de oanfiterfragen.

OANFITERFRAGEN BY IT STRÂN

- Wat soe hjir barre?
- Wêrom soe it famke sa bliid wêze?
- Wat soe se tinke? Wat soe se fiele?
- Wêr sil it romteskip hinne?
- Wat soe de romtefarder wolle? Wat soe er sjen?
- Ropt er ek wat? Wat dan? Tsjin wa dan?
- Soene der mear romtefarders wêze? Wêr dan?
- Is der in fûgel dy't de romtefarder sjoen hat?
- Hokker dan? Wat seit er?
- Wêr sil de huifkar hinne? Hawwe de hynders wat fernaam?
- Wat soene dy tsjin elkoar sizze?



Komt de groep net op gong by it
opstellen fan de skaaimerken fan in
floch? Brûk dan ûndersteande tips.

FLOCH TIPS

1. Fertelle: yn de ik-foarm en yn it Frysk
2. Ynlieding: foarstelle en lokaasje neame
3. Kearn: persoanlik (tink, fiel, sjoch, hear, ...)
4. Ofsluting: dúdlike en flitsende ôfrûning
5. Tiid: net langer as ien minút
6. Taalgebrûk: Frysk (prebearje yn elk gefal)
7. Tempo: net te hurd en net te stadich
8. Yntonaasje: boeiend fertelle
9. Folume: net te sûntsjes, mar ek net te lûd
10. Byld: noflik en rêstich

4. It doarp en de stêd



TARIEDING

- Kopiearje foar elk groepke de digitale ferhalefoto
- Lis de selfysticks en knipers klear om de foto oan de stick fêst te meitsjen.
- Lis papierkes klear foar tips en tops
- Meitsje groepkes fan trije bern

FERTEL DE BERN DAT

- se in floch meitsjen gean en se as flogger oanwêzich binne op it plak fan de foto.
- har folgers ferslach dogge oer wat der bart op dit plak fan de foto



1. FERWÛNDERJE

Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.



2. ÛNDERSYKJE

- Lit de bern in persoan, objekt of elemint út de foto kieze
- Lit de bern fanút dat perspektyf fertelle mei help fan de folgjende ferbyldingsfragen (dy't ek ûnder de foto stean):
 - a. Wa bist?
 - b. Wêr bist?
 - c. Wat sjochst?
 - d. Wat tinkst?
 - e. Wat hearst?
 - f. Wat fielist?
- Tip: Wolle se noch in oar persoan, objekt of elemint kieze? Eksperimintearje dermei.
- Lit elk syn/har persoan, objekt of elemint kieze foar de floch.



3. IN FLOCH MEITSJE

Lit de groepkes no harren ferhalen fanút it keazen perspektyf fertelle foar de kamera. Elk fan it groepke komt hjirby oan it wurd.

Tip: Is it Frysk praten dreech? Lit de bern elkoar helpe mei de útspraak en it fertalen. Lit de bern bygelyks fertelle yn de thústaal en fertaal inkelde wurden nei it Frysk.



4. BEWÛNDERJE

Lit de groepkes oan elkoar de flochs presintearje. Lit de groepkes tips en tops opskriuwe. Lit de groepkes ek ferbetterpunten foar har sels betinke.



5. BEPRATE

Diel klassikaal de befiningen út de bewûnderfase. Skriuw de skaaimerken foar in floch op sadat se brûkt wurde kinne foar in folgjende floch.

**BESTOCH
IT MAR!**



Komt in groepke net op gong?
Brûk dan de oanfiterfragen.

OANFITERFRAGEN BY IT DOARP EN DE S

- Wat soe hjir bard wêze? Hoe soe dat komme?
- Wat soe de sinne sjen? Kin dy genôch skine?
- Wat soe de sinne tinke? Wat soe dy sizze? tsjin wa?
- En de hekse?
- Wêr soe dy hinne fleane?
- Ropt se ek wat? Wat dan? Tsjin wa?
- Soe ien de hekse keare wolle? Wa of wat dan?
- Wat soene de kij tinke? Hokker ko bedoelst no?
- Soene se mei elkoar prate? Wat sizze se dan?
- Wat soe de tsjettel boppe-op it keunstwurk dwaan? Wat wol dy? Wat seit dy?
- Hoe fynt de stoel it yn it lân?

Komt de groep net op gong by it opstellen fan de skaaimerken fan in floch? Brûk dan ûndersteande tips.



FLOCH TIPS


1. Fertelle: yn de ik-foarm en yn it Frysk
2. Ynlieding: foarstelle en lokaasje neame
3. Kearn: persoanlik (tink, fiel, sjoch, hear, ...)
4. Ofsluting: dúdlike en flitsende ôfrûning
5. Tiid: net langer as ien minút
6. Taalgebrûk: Frysk (prebearje yn elk gefal)
7. Tempo: net te hurd en net te stadich
8. Yntonaasje: boeiend fertelle
9. Folume: net te sûntsjes, mar ek net te lûd
10. Byld: noflik en rêstich

Kopieer dizze side. Knip de kaartjes út. Jou elk groepke in kaartsje.




Floch Tips

- 1.....
- 2.....
- 3.....
- 4.....
- 5.....
- 6.....
- 7.....
- 8.....
- 9.....
- 10.....
- 11.....
- 12.....
- 13.....



Floch Tips


- 1.....
- 2.....
- 3.....
- 4.....
- 5.....
- 6.....
- 7.....
- 8.....
- 9.....
- 10.....
- 11.....
- 12.....
- 13.....



Op dizze kaartsjes stean foarbylden fan floch tips.


Floch Tips

1. Fertelle: yn de ik-foarm en yn it Frysk
2. Ynliding: foarstelle en lokaasje neame
3. Kern: persoanlik (tink, fiel, sjoch, hear, ...)
4. Ofsluting: dúdlike en flitsende ôfrûning
5. Tiid: net langer as ien minút
6. Taalgebrûk: Frysk (prebearje yn elk gefal)
7. Tempo: net te hurd en net te stadich
8. Yntonaasje: boeiend fertelle
9. Folume: net te súntsjes, mar ek net te lûd
10. Byld: noflik en rêstich
11.
12.
13.



Floch Tips

1. Fertelle: yn de ik-foarm en yn it Frysk
2. Ynliding: foarstelle en lokaasje neame
3. Kern: persoanlik (tink, fiel, sjoch, hear, ...)
4. Ofsluting: dúdlike en flitsende ôfrûning
5. Tiid: net langer as ien minút
6. Taalgebrûk: Frysk (prebearje yn elk gefal)
7. Tempo: net te hurd en net te stadich
8. Yntonaasje: boeiend fertelle
9. Folume: net te súntsjes, mar ek net te lûd
10. Byld: noflik en rêstich
11.
12.
13.





PROFIEL A

POS. ATTITUDE K17 - TAALBESKÖGING K22
HARKJE K18 - PRATE/YN PETEAR K1
LÊZE K20 - SKRIUWE K21


- LIT SE DE DE SPRUTSEN TEKSTEN FRYSK FAN DE FLOCHS ÒNDERTITELJE.
- OF LIT SE FRYSKJE KOMMINTAREN BY DE FLOCHS SKRIUWE
- OF LIT DE BERN IN RESINSJE (TIPS EN TOPS) YN IT FRYSK SKRIUWE




PROFYL B
POS. ATTITUDE K17
TAALBESKÖGING K22
HARKJE K18
PRATE/YN PETEAR K19
LÊZE K20



BEJOCH IT MAR!
-AS C EN D



PROFYL C
POS. ATTITUDE K17
TAALBESKÖGING K22
HARKJE/YN PETEAR K18
PRATE K19



BEJOCH IT MAR!
-AS F
-STIMULEARJE DE BERN OM FRYSK MEI ELKOAR TE PRATEN




PROFYL D
POS. ATTITUDE K17
TAALBESKÖGING K22
HARKJE K18
LÊZE K20



BEJOCH IT MAR!
-AS E
-LIT DE BERN DE TITEL EN DE KEUNSTSINNIGE TINKFRAGEN SELS LÊZE
-LIT DE BERN DE EVENTUELE ÒNDERTITELING BY DE FLOCHS LÊZE



PROFYL E
POS. ATTITUDE K17
HARKJE K18
TAALBESKÖGING K22



BEJOCH IT MAR!
-AS F +
-PRAAT SELS FRYSK TIDENS DE LES
-LIT IN FRYSKTALIG BERN FRYSK PRATE
-DREGE WURDEN ÚTLIZE



PROFYL F
POS. ATTITUDE K 17



BEJOCH IT MAR!
-BESPRAAT WAT BY DE FRYSKJE KULTUER HEART
-WURDEARJE ALLE TALEN



TIPS OM IN STAPKE HEGER TE KOMMEN MEI IT FRYSK OF DE STREEKTALEN

Besjoch it mar! is in projekt foar groep 7 en 8 fan it PU en de ûnderbou fan it FU.

Dit is it twadde katern yn de rige mei fjouwer tema's oer de Fryske kultuer. In ynspirearjende foto is de start om mei elkoar goed te sjen, te harkjen, yn petear te gean en te floggen. De foto's jouwe de bern punten fan werkenning, mar prikkelje ek de fantasije. Elk kin meidwaan en it projekt is sadwaande geskikt foar alle profilen fan it Taalplan Frysk. Dit boekje en de bypassende keunstsinnige foto mei fragen foar de groepkes is digitaal te downloaden op <https://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/besjoch-it-mar/>

Besjoch it mar! kin hiel goed kombinearre wurde mei oare projekten fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis. Sjoch dêrom op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl, dêr't alle projekten opstean en meitsje in plan om op in ynspirearjende wize mei Frysk en meertaligens oan de slach te gean.

© 2022, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,
NHL Stenden Hogeschool
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert
lectoraatmg@nhlstenden.com
ISBN 9789082883732



hogeschool

lectoraat
Meertaligheid
en Geletterdheid



IMO

